

GROU, Foarjier 1931.

## Oan âldleden fen klub „De Ljip”.

Achte Frjeon.

Hjirby litte wy jo witte det it dit foarjier 25 jier lyn wêze scil det ús aeisikersklub oprjuchte is. Jo scille fêst mei greate nocht werom tinke oan 'e tiid, do't jou sels noch mei de klub der op út teagen. Ek dizze kear scil de klub, lyk as alle jierren noch, syn tocht meitsje en den twa dagen, om dit jubileum feestlik to fieren. Yn 'e ekstra kosten for dat doel is forline foarjier al for in great part forsjoen en wol troch teikening yn in waerboarchfûns fen de noch oanwêzige leden. Lykwols is der noch jild to min. Dêrom dogge wy by dizze in birop op jo tagediene wardearringe for de klub en hoopje wy op tasizzing fen in lytse (ef greatere) jildlike bydrage, om yn onforsjoene útjeften to forsjen. Mochten jo, bûten de bydrage, ek sels noch oerkomme wolle for dit aeisikersjubileum, den scoe ús dat tige nei 't sin wêze. Graech sa gau mûchlik antwird werom, **úterlik foar 1 April**, oan 'e skriuwer fen 'e feestkommisje.

Heechachtsjend,

*It Bistjûr,*

R. DE VRIES, *Foarsitter.*

S. B. KINGMA, *Skriuwer.*

JAN HEIDA, *Skathâlder,*

*De Feestkommisje,*

R. DE VRIES, *Foarsitter.*

A. I. JONKER, *Skriuwer.*

JAN HEIDA, *Skathâlder.*

KLAAS BERKEPAS.

P.S. De boat fart fen 'e kade Freed 24 April,  
de jouns om 9 ûre.

50 + 1/2  
27 jan  
1931